HR. Rome. de achttjinde Jan. 08.

Bêste Heit en Mem,

't Is in frije dei. Even in praetsje.
't Is hwat to dizzen yn 'e wrâld. Hy
tinkt, jimme kinne hast mei Job 't
oan 't wirk. Mar och, ús Ljeaven
Hear is altiten mei ús weat. 't Komt
njunkelytsen allegearre wol wer goed.
Mei Siebrigje giet 't al wer. 't Is
allegearre bêst útfallen. Ik haw hjir
in kaert stjûrd, mar ôf er oankomt
is, wit ik net. En mei Hindrik
scil it ek wol wer komme. Ik haw
him skreaun en ek oan de Instruc-
tor, dat er Hindrik is oan my

skriuwe litte scoe. 't Binne fen dy
onwaersboien dy gau wer oerdriuwe.
Der komt in inkele slach ut, dy gen
kel makket, mar as it 'r opoankomt,
is it niks. Wat Eberlen oangiet,
de rector hat skreaun, dat hy Eben-
drik sa folle muglik ter wille weze
scoe en dat er noch in stik of hwat
kleasterlinge binne mei hwa er om
gean kin. Dat liket dus net sa mâl.
Eberlen sels is prachtig. Yn alle
gefal jimme moatte jimme der nou
net mei fen 'e wyse reitsje litte

Wy kinne net altiten pankoek mei
sûker ite, greate beannen dogge ús
ek wol is goed. Mar it smakket net
sa lekker, net sa swiit, wy binne in
bytsje oan 't swiite wend. Wy meye
noch net kleye. – Mar nou hwat oars
Lárst fen 'e kjeld. De lêste dagen
is it hjir net frey fen friezen. In kachel
hawwe wy fen sels net. Mar 't gjet wol
Lêst kin men net sizze dat men der
fen hat. Dan noch in boadskip oan
Johannes Ebarling, dat ik him is oer
Rome skriuwe scil, mar net alles

28-1

op ien dei. Ik bin nou foar in moanne tagelük oan è gong west: seis brieven en seis briefkaerten. Hey tinkt, dat kin wol. 't Wier in frije dei. Oars kom ik der net ta. Ik scil sels mar is komme. Rekkenje der mar op. Yn Augustus bin ik er en is Hendrik der ek. Sjoargje mar, dat jimme it dan ek allegearre goed meitsje.

Foaral de groetenis oan Barbara, Michiel en Gatske en Oom en Tante

Jimme bêste beppe (?) is tjeaven Ebear (?)

P. Titus